



NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2010

Ynliding

It hat foar ús bestjoer wer in bannich jier west. Der komt hiel wat op ús ôf op it stik fan it Frysk yn it ûnderwiis. Der is in ynspeksjerapport ferskynd dêr't út bliken docht dat wy der noch lang net binne. Yn it foarskoalsk, basis-, fuortset, spesjaal (fuortset) ûnderwiis en beropsûnderwiis (mbû en hbû) moat noch in protte wurk ferset wurde. En ek it Frysk op de universiteiten kriget in klap, bygelyks trochdat in twadde stúdzje foar de measten te djoer wurdt.

De kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk as ferplichte fak, as ferplichte ynstruksjetaal en as ferplichte eksamenfak is noch lang net goed regele, ek wetlik net. En sa'n ferplichting moat effektyf kontrolearre wurde troch ynspeksje en evaluaasje-ûndersyk. Dat freget bygelyks om in hiele batterij falide, objektive en betroubere toetsen foar beukers (it toetsen fan lytse pjutten liket ús net sa'n goed idee) oant en mei learlingen en studinten yn it fuortset ûnderwiis om de ûntjouwing fan ús jongerein goed mei folgje te kinnen en om op beskate mominten mei eintoetsings (bgl. ein basisskoalle en ein basisfoarming) harren nivo mei fêst te stellen. Net allinnich foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal by oare fakken (bgl. faktaalterminology), mar ek op it mêd fan de Fryske kultuer en skiednis. Dêr sil de oerheid jildmiddels foar frijmeitsje moatte. Want soks kostet it protte (miljoenen). It sil dochs moatte.

Sa is yn 2010 in begjin makke mei in troch it Cito te ûntwikkeljen falide, betroubere en objektive toets foar it begripend lêzen (groep 8 basisskoalle). Dêr hat ek in ynspeksje wat oan. Mar wy sitte boppedat mei ûngeduld te wachtsjen op it út ein setten mei skriuw- en staveringstoetsen foar basis- en fuortset ûnderwiis. Dy moatte om it jild foarearst op har wachtsje litte en dat is net ferantwurde. Want it Frysk moat mear en better skreaun wurde yn ûnderskate domeinen. De grûnslach dêrfoar moat al ier by de bern lein wurde.

Wy sjogge it as ús opdracht (missy) om de ûntwikkelings op dat mêd goed te folgjen en hieltiten mar wer oan te stean op ferbetterings. Dêrfoar moatte wy benammen by de oerheid (Ryk en Provinsje) wêze, omdat de ûnderfining ús leard hat, dat sûnder effektive druk fan boppen en de mooglikheid om sanksje op te lizzen, de measte skoallen dat net út harsels dwaan sille (sjoch ús jierferslaggen fan foargeande jierren, benammen by 'brieven, útgien' en 'ynkommen'). Sels Frysksinnige âlden binne gauris te benaud om op 'e tromme te slaan, want dat soe wer negative gefolgen hawwe kinne foar har bern op de oanbelangjende skoalle. De âlden en wy misse in goed wetlik ramt dêr't ferbetterings mei ôftwongen wurde kinne.

Soks is benammen dreech yn in sfear dat de skoalle hjoed-de-dei troch de ynspeksje ôfrekkene wurdt op de 'mjitbere' risseltaten fan de bern ('opbrengstgericht') by 'taal' (in nuver Haachsk begryp foar 'Hollânsk') en rekkenjen en de skoalle (mei) dêrtroch samar it predikaat swak of hiel swak krije kin as de risseltaten yn dy fakken efterbliuwe. De ynspeksje ferliket bygelyks de risseltaten fan de Cito-eintoets fan in skoalle ek mei de risseltaten op oare skoallen om in oardiel te jaan oer de opbringst fan de skoalle.

De twang foar dy beide fakken komt fan boppen ôf út De Haach (ministearje fan OCW) wei. Skoallen binne dêr tige gevoelig foar en spanne harren dus tige yn foar de beide neamde fakken. Dat is fan dy gefolgen dat it Frysk troch sok steatsgeweld oan 'e kant skood wurdt. Fan-ûnderen-op-stratezjyen mei it biedwurd 'it moat út de minsken/skoallen sels komme' binne foar Frysk sadwaande lang net tarikkend en nayf. It Frysk moat yn Fryslân dus like effektyf toetst en op risseltaten ôfrekkene wurde kinne as it Hollânsk. Mei gefolgen foar skoallen as se op dat stik net oan ridlike kwaliteitseasken foldogge. De lykweardigens fan beide talen moat

net allinnich abstrakt op papier stean, mar feitlik ek wiermakke wurde. En dat komt net fansels. De kommende jierren wurde wy as feriening dus noch net oerstallich.

Wy hawwe ûnderwilens ús winsken/easken dellein by de saneamde kommisje Hoekstra, dy't de grûnslach lizze moat foar mear foech foar Fryslân. Al yn 2008 hiene wy in goed ferhaal, ús *Oanfalsplan Frysk*, mei gâns winsken en easken op papier set. In steatekommisje hat dêr mei ús en oaren in symposium oer organisearre. Wy hawwe út soarte ús plan ek wer by de kommisje Hoekstra op it aljemint brocht (oan te klikken op ûnderskate plakken op ús webstek: www.fryskebeweging.nl/ffu/brieven/). Nije taalwetjouwing dy't it plak fan it Frysk yn it hiele ûnderwiis goed en folslein regelet, is needsaaklik.

Omdat wy net in manmachtich bestjoer hawwe en der in beskate saakkundigens en grutte ynset frege wurdt, is it net maklik om gatten dy't yn it bestjoer falle, op te foljen. Wy besykje dat ynearsten op te heinen troch yntinsyf gear te wurkjen mei de *Ried fan de Fryske Beweging* (dêr't wy lid fan binne) en oare organisaasje dy't saakkundigen hawwe (Fryske Akademy, Pedagogysk Wurkferbân). Wy roppe ús leden dan ek op om ús nammen troch te jaan fan lju dy't de winsklike kapasiteiten en motivaasje hawwe. Mear en better Frysk yn de hiele maatskippij slagget net as der net mear en better Frysk yn it ûnderwiis komt. Dêr moat de grûnslach lein wurde.

It is ús spitigernôch noch net slagge om genôch help te mobilisearjen om in *Fryske Underwiispriis* fan 'e grûn te helpen. Us oproppen dêrta hawwe noch gjin fertuten dien. En as bestjoer binne wy te minmachtich om in protte saken tagelyk te organisearjen. Boppedat moatte wy goed op 'e sinten passe. Wy binne gjin rike feriening en krije gjin subsydje. De bestjoersleden krije yn prinsipe allinnich in lytse fergoeding foar harren reiskosten. Omdat benammen foarsitter en skriuwer in protte op 'en paad binne foar de *FFU*, binne dat de wichtichste ûnkosten. Wy binne der dan ek tige wiis mei dat der noch altiten leden binne, dy't wat mear oermeitsje as de wenstige €10,- .

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan belesting, kinne dat it bêste dwaan troch dat oer te meitsjen op de rekken fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (rekkenûmer 1123454, o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert*, mei dúdlik de fermelding 'ornearre foar de *FFU*'). De Ried soarget dan dat it wer op ús *FFU*-rekken oermakke wurdt. De Ried is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). It ledejild kin oermakke wurde op 2356038, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag*.

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2010 út: Th. Dykstra (foarsitter), S.T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder en twadde notulist gearkomsteferslaggen), Th. van der Veen (earste notulist gearkomsteferslaggen), G. Gerbrandy. It gat yn ús bestjoer dat fallen is nei it ferstjerren fan ús skathâlder Rindert Straatsma yn 2006, hawwe wy noch net opfolje kind (sjoch boppe),

Yn 2010 kaam it bestjoer 6 kear gear, almeast by Klaske Straatsma te Ljouwert, dy't ús altiten tige let en set. Gearkomstedata: 20 jann., 17 febr., 19 maaie, 8 sept. (Itens), 13 okt., 24 nov. Yn de taakferdieling binnen it bestjoer is net folle feroare.

Njonkenaktiviteiten foar it Frysk en it Frysktalige ûnderwiis

Dykstra wie learaar en is aktyf yn de gemeentepolityk, fertsjintwurdiget de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging* en is foarsitter fan in kommisje fan de Ried dy't him dwaande hâldt mei de *Fryske Reklamepriis*. Hy sit ek yn it bestjoer fan de *St. Slach by Warns*. Dykstra is foar de *FFU* lid fan it *Grut Oerlis Oer Frysk Yntegraal* (GOOFY), in oerlisorgaan (oprjochte yn 2003) fan Fryksinnige organisaasjes dy't better mei-inoar gearwurkje wolle. Hiemstra is dêr syn ferfanger (twadde man) yn. Mei Hiemstra makket Dykstra diel út fan de *Oanfalsgroep* (mei as oare leden: Pier Bergsma, Jaap van der Bij, Renze Valk en Reinier Salverda) dy't mei-inoar it *Oanfalsplan Frysk* (2008) skreaun hawwe, dat wer laat hat ta in symposium fan de Provinsje yn

2008 oer taalbelied. De groep hâldt sa út en troch noch ferfolchgearkomsten om him te berieden op nije aksjes.

Hiemstra wie learaar en is Afûk-lesjouwer (û.o. foar it didaktysk foech en skiednis) en siet ek yn de tige nuttige Afûk-wurkgroep B-,C-, Akte (foar learplannen en learmiddels) dy't yn 2010 spitigernôch troch Afûk-direkteur Koen Eekma opdoekt is. Ein 2007 is Hiemstra foar de *Fryske Rie*, dêr't er bestjoerslid fan is, yn de *Ried fan de Fryske Beweging* beneamd nei't de *Fryske Rie* him yn 2007 oansletten hie by de *Ried fan de Fryske Beweging*. Earder wie Hiemstra fertsjintwurdiger fan de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Hiemstra sit al jierren yn de wurkgroep *Frysk en Logopedy* fan de Fryske Academy, dy't neigiet hokfoar Frysktalich logopedysk testmateriaal oft der ûntwikkele wurde moat. Dy wurkgroep hat altiten funksjonearre as provinsjale wurkgroep, mar is ein 2008 oergongen nei de Fryske Academy, omdat de Provinsje, sûnder dêr in reden foar te jaan, de kommisje ynienen opdoekt hat en de leden dochs in taak seagen op it mêd fan it ûntwikkele litten fan testen en toetsen. Der binne ûnderwilens al aardich wat Frysktalige logopedyske ynstruminten ûntwikkele foar bern en grutte minsken en der is noch it ien en oar ûnderweis. Hiemstra hat yn 2010 mei Edwin Klinkenberg, metodolooch fan de Fryske Academy, in wurkgroep oprjochte (in tinktenk mei as oare leden: Hester Deelstra, Sicco de Jong, Reitze Jonkman, Jan Oudeboon en Alex Riemersma) dy't him dwaande hâldt mei toetsingsmiddels foar it reguliere ûnderwiis (folchtoetsen en eintoetsen). Hiemstra sit boppedat foar de Provinsje yn in konstruksjegroep dy't in Fryske Cito-toets foar *Begripend Lêzen* (foar groep 8 fan de basisskoalle) ûntwikkelet. Hy is al jierrenlang bestjoerslid fan de *seksje Frysk fan Levende Talen* en sit de lêste jierren ek yn it (lanlike) *VLLT*-haadbestjoer. Hiemstra makket sûnt 2007 diel út fan de *Nederlânske Kommisje* fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)* as fertsjintwurdiger fan de *seksje Frysk fan Levende Talen (VLLT)*. Hiemstra sit foar de *Fryske Rie* yn de *RfdFB*, hat in sit yn de redaksjeried fan *Swingel* (foar de *FFU* en de *Fryske Rie*) en yn in kartografygroep (dy't it gearstallen fan Frysktalige kaarten mei Frysktalige plaknammen foar de trije Fryslannen neistribbet) fan de *RfdFB*.

Us *FFU*-skathâlder Ed Knotter wie learaar en is Afûk-lesjouwer, wurket mei oan it skriuwen fan *Taalbaas* yn de *Ljouwerter Krante*, sit yn de *seksje Frysk fan Levende Talen* (skathâlder) en fertsjintwurdiget dy seksje yn de *RfdFB*. Hy sit yn de redaksjerie fan *Swingel* foar de *seksje Frysk*

Gerbrandy wie learaar en is benammen aktyf yn de gemeentepolityk. Hy fertsjintwurdiget ús yn de *Nederlânske Kommisje* fan it *EBLT* (it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*) en sit ek yn de *Politike Kommisje* fan de *RfdFB*. Thys van de Veen is learkrêft oan in basisskoalle en wurket yn dieltiid by *Tresoar*.

Foar de *FFU* binne de kontakten mei oare Frysksinige organisaasjes en it netwurkjen fan grut belang. Sadwaande kinne wy better op 'e hichte bliuwe fan wat der spilet op it mêd fan it Frysk en dat hat wer ynfloed op ús eigen aksjes en it meidwaan oan aktiviteiten fan oare organisaasjes.

B. Jiergearkomste

Op woansdei 21 april 2010 hat de *FFU* syn jiergearkomste yn 'It Aljemint' (FA) te Ljouwert hân, foarôfgeand oan in stúdzjegearkomste fan it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Academy* oer it tema *Mjitte*. Wy hopen troch dy kombinaasje wat mear leden te lokjen nei ús jiergearkomste. Dat is spitigernôch net slagge.

It ferslach fan de jiergearkomste op 4 novimber 2009 wurdt sûnder ynhâldlike opmerkings oannommen, mei tank oan de skriuwer. De kaskommisje, Koop Scholten en Jannes van der Velde, hat de boekhâlding kontrolearre en goedkard. Us skathâlder Ed Knotter wurdt, mei tank, ûntlêstge. As opfolger fan Koop Scholten is Jaap van der Bij frege om mei Jannes van der Velde de nije kaskommisje te foarmjen. De ledegearkomste stelt út om by de útnoeging foar de ledegearkomste tenei in apart briefke foar de finânsjes mei te stjoeren. De leden kinne gjin akseptgirokaart mear krije en dat liedt derta dat it oermeitsjen fan de jierlikse stipe wolris fergeffen wurdt.

It *FFU*-webstek wurdt gauris besjoen. It is in efektyf middel om ferwize te kinnen nei alle foar it wurk fan de *FFU* rillevante ynformaasje. Alle jierferslaggen en ferslaggen fan ús gearkomsten binne fan 2005 ôf oan te klikken op ús webstek by *Ferslaggen bestjoersgearkomsten*.

C. Kontakten

*Oan te klikken op ús webstek

1. Organisaasjes en persoanen

- Utrikking sertifikaat oan pjutteboartersplak 'It Krobbehonk' te Boazum: 11-03-2010 (Dykstra)
- Ferstjoeren jierstikken *FFU*: 31-03-2010 (Hiemstra, Knotter)
- Gearkomsten *Ried fan de Fryske Beweging*: 18-03-2010 (Dykstra); 18-11-2010 (Dykstra); Greide-oerlis, 17-04-2010 (Dykstra)
- Oerlis mei metodolooch Edwin Klinkenberg fan de Fryske Akademy oer de effekten fan 'Boppeslach' en de winsklikens om ta in wurkgroep (tinktenk) foar falide, betroubere en objektive toetsingsmiddels foar it hiele ûnderwiis (folch- en eintoetsen) te kommen: 02-04-2010 (Dykstra, Hiemstra)
- Gearkomste wurkgroep 'Kartografy' (Hiemstra, Huisman, Jetten, Groenhof) fan de *RfdFB* oer û.o. in *ynter-Fryske dikekaart*: 02-04-2010 (Hiemstra)
- Utrikking 'Fryske reklamepriis' yn Ljouwert (Tresoar): 12-04-2010 (Dykstra, Hiemstra)
- Jiergearkomste fan de *FFU* yn 'it Aljemint' te Ljouwert: 21-04-2010 (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra, Knotter)
- Gearkomsten *Nederlânske Kommissje* fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT): 26-05-2010 te Swol (Gerbrandy, Hiemstra); te Ljouwert, 16-09-2010 (Hiemstra)
- Gearkomsten 'Logopedy en Frysk' te Ljouwert, Fryske Akademy: 09-06-2010 (Hiemstra), 06-10-2010 (Hiemstra)
- Utrikking sertifikaat 'Trijetalige skoalle' oan i.b.s. 't *Holdernêst* te De Harkema: 22-06-2010 (Hiemstra)
- Oprjochtingsgearkomste en ferfolchgearkomsten fan de wurkgroep 'Fryske toetsen' ('It Aljemint', Fryske Akademy): 01-07-2010 (Hiemstra), 15-09-2010 (Hiemstra), 15-12-2010 (Hiemstra)
- Gearkomste ta gelegenheid fan de 'presintaasje fan in trijetalige pabû-stream' fan de NHL en Stenden, Stendenhegeskoalle, 01-11-2010 (Dykstra)
- Konstruksjegroep Cito-toets *Begripend Lêzen*: 15 sept., 20 okt. en 10 nov. 2010 (Hiemstra)

2. Stúdzjedagen/konferinsjes/sympoasia

- 'De takomst fan it Frysk yn de media', symposium ta ôfskied fan Pieter de Groot fan de *Ljouwerter Krante* (Dykstra, Hiemstra)
- Gearkomste fan it *Pedagogysk Wurkferbân* oer 'Mjitte' yn it ûnderwiis: 21-04-2010 (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra, Knotter)
- 'Expert Seminar The Added Value of Multilingualism and Multilingual Education' fan Mercator te Koudum 2-4 juny 2010 (Hiemstra)
- Symposium 'Fierder mei Frysk 7' fan de *seksje Frysk* fan *Levende Talen* (VLLT): 07-10-2010 (Dykstra, Hiemstra, Knotter)
- Symposium fan Mercator oer 'Higher Education and Research on Multilingualism: Challenge or Opportunity?' te Ljouwert: 17-19 nov. 2010 (Hiemstra)

D. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📧) de *FFU*.

Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek

Utgien:

*05-02-2010 📧 DS: Wet OKE en it Frysk

Brief fan de *FFU* oan Deputearre Steaten oer de bedrigings dy't der foar it Frysk leine yn de nije wet *Ontwikkelingskansen door Kwaliteit en Educatie* (OKE). It like derop dat pjutteboartersplakken dy't allinnich Frysk as fiertaal hawwe, net (mear) tastien wiene. Wy freegje Deputearre Steaten om nei te gean hoe't it sit en

om de eventueel skealike gefolgen dêrfan te kearen. Yn in brief (*27-04-2010, Poadium: **Positie van het Fries in de Wet OKE**) rjochtet de *Ried fan de Fryske Beweging* him dêroer ta de Earste Keamer.

***25-03-2010 🚩 Fryske-kanonkommisje: it ymplementearjen fan de skiedniskanon fan Fryslân**

Brief fan de *FFU* oan drs. B. Looper, einredakteur fan de *Kommisje kanon fan Fryslân*, oer it ophâlden fan de kertiermakker fan de kanon fan de Fryske skiednis en wat deroan dien wurde sil om de Fryske kanon goed te ymplementearjen yn it ûnderwiis.

***27-09-2010/18-10-2010 🚩 Steatekomitee Frysk/ EBLT: brieven oer it taalbelied foar it Frysk oan de Ried fan Europa en it Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes**

It *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT/earder EBLUL) hat in brief (18-10-2010) stjoerd nei de *Ried fan Europa* (Council of Europe) en nei minister Donner fan *Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes* oer it taalbelied foar it Frysk. It brief oan it sekretariaat fan it *Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen of Talen fan Minderheden* fan de *Council of Europe* befettet de lêste stân fan saken wat it Frysk yn Nederlân en Fryslân oanbelanget en dat wiist net goed.

Santsjin Fryske organisaasjes stypje dat unike brief, û.o. de *FFU*. Itselde jildt foar it *Steatekomitee Frysk* fan de Provinsjale Steaten fan Fryslân. It is foar it earst dat in sa **breed maatskiplik en polityk front fan Fryske organisaasjes** yn in brief oan de ryksoerheid en de Ried fan Europa omtinken freget foar de (ûntarikkende) posysje fan it Frysk.

***13-10-2010 🚩 FFU: Provinsjale besunigings op taal en kultuer, benammen op Omrop Fryslân**

Tom Dykstra, foarsitter fan de *FFU*, hat op 13 okt. 2010 op it Provinsjehûs *ynsprutsen* by in mienskiplike gearkomste fan de Steatekommisjes *Boarger & Mienskip en Lân, Loft & Wetter* oangeande it wurklistpunt: *Begrutting 2010 fan Provinsje Fryslân*. Dêrby gong it de *FFU* benammen om de besunigings op taal en kultuer, foaral dy op *Omrop Fryslân* fan €1.100.000. Dat like ek skealik te wurden foar de berneprogramma's (bgl. Tomke), dy't mooglik faai komme kinne te stean.

***26-11-2010 🚩 FFU: (1) Ferplichting Frysk yn it mbû II, (2) beropsstanderts foar (f)mbû-learaars; (3) toetsing Fryske kanon by pabû-studenten**

Twadde brief fan de *FFU* oan Deputearre en Provinsjale Steaten (26-11-2010) oer it (1) *ferplichtsjen fan it Frysk yn it mbû* en in sintrale eksaminearring dêrfan op grûn fan benammen taalpolitike argumenten. Fierders stelt it brief dat (2) it *ûntwikkeljen fan beropsstanderts* foar fmbû/mbû-learaars dy't Frysk jouwe, winsklik is en (3) dat it opnimmen fan de *Fryske kanon yn de pabû-programma's fan de Fryske hegeskoallen en in sintrale toetsing* dêrfan oan de ein fan it skiednisprogramma needsaaklik is. It is in ferfolch op ús *earste brief (fan 1 sept. 2008) oer de winsklike ferplichting fan it Frysk yn it mbû.

***10-12-2010 🚩 FFU: Reaksje FFU op de konsept-notysje 'Minor trijetalich basisûnderwiis'**

Us foarsitter, Tom Dykstra, skreau foar Henk Wolf in reaksje op de konsept-notysje 'Minor trijetalich basisûnderwiis' (3 nov. 2010).

Ynkommen:

***06-01-2010 🚩 BvPF, Vrouwen van Nu: it brûken fan it Frysk yn offisjele gearkomsten en formele fermiddens**

In ûnbefredigjende reaksje fan de *BvPF, Vrouwen van Nu* op ús brief fan 10 nov. 2009 mei ús fersyk om belied te meitsjen foar it brûken fan it Frysk yn harren offisjele gearkomsten en yn oare formele fermiddens. It liket der noch net op dat harren belied rjocht docht oan de lykwaardigens fan Frysk en Hollânsk.

***12-01-2010 🚩 KO: Frysk yn de private sektor, bgl. op 'Marktplaats'**

Brief fan it *Konsultatyf Orgaan Frysk* oer ynkommen klachten oer it net brûke kinnen/meien fan it Frysk yn it private libben. Omdat it Frysk allinnich yn it bestjoersrjocht en it rjochtsferkear (dus yn it offisjele libben) wetlik regele is, wurdt der oantrune op in goede wetlike basis foar it brûken fan it Frysk yn it private libben.

Taheakke is in brief mei it oardiel (13-11-2009) fan de *Commissie Gelijke Behandeling* (CGB) op in fersykskrift fan J. Annema (17-09-2009), dy't gjin Frysktalige advertinsjes sette litte mocht op in webstek fan Marktplaats B.V. De kommisje achte it fersyk 'kennelijk ongegrond'. It folslein en goed brûke kinnen fan it Frysk yn it private libben hat fansels wer syn wjerslach op de taalstatus, de taalmacht en dus ek op it ûnderwiis yn it Frysk.

***16-02-2010 🚩 KAG-FU: fyzje op it Frysk yn it fuortset ûnderwiis**

Brief fan de *Koördinaasje- en Advysgroep Frysk yn it Fuortset Underwiis* (KAG-FU) oan de *FFU* mei de tasizzing fan de foarsitter, mefr. Hoekstra-Zaagemans, dat it 'Oanfalsplan Frysk fan de *Feriening Frysk Underwiis* ien fan de ûnderlizzende dokuminten' wêze sil by it ûntwikkeljen fan in fyzje op it Frysk yn it fuortset ûnderwiis.

***17-02-2010 🚩 EBLT: gearfetting earste rapport fan it Advisory Committee oangeande de ymplementaasje fan it Ramtferdrach Nasjonale Minderheden yn Nederlân**

Gearfetting fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (Nederlânske Kommisje) oangeande rillevante passaaazjes oer it Frysk yn it earste rapport fan it Advisory Committee (AC) fan de *Ried fan Europa* oer de ymplementaasje fan it *Ramtferdrach Nasjonale Minderheden (Framework Convention for the Protection on National Minorities* fan de *Ried fan Europa*) yn Nederlân, oardere neffens ûnderwerp. It AC besocht Nederlân fan 25-27 febr. 2009 en stelde it rapport fêst op 25 juny 2009.

Op 25 febrewaris 2009 hie de *FFU* ek in bydrage levere oan de harksitting fan it Advisory Committee (AC). It AC, dat him dwaande hâldt mei it neigean (kontrolearjen/monitoarjen) fan it yn- en útfieren (de ymplementaasje) fan it *Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden*, hat syn 'opinion' oer it hâlden en dragen fan Nederlân no - in goed jier letter - iepenbier makke. Har oardiel oer it regear yn De Haach is op dat stik net geunstich (*sjoch ús webstek).

***01-03-2010 🚩 Súdwest-Fryslân: Fúzjegemeenten stimme it brûken fan it Frysk opinoar ôf**

Yn in *Oerienkomst taalbelied Súdwest-Fryslân* stiet dat de fiif fúzjegemeenten harren Frysk taalbelied opinoar ôfstimme. Dat is ôfpraat mei steatssekretaris Ank Bijleveld fan Ynlânske Saken en mei de Provinsje Fryslân. De fiif gemeenten wolle in foarbyld wêze foar in ambisjeus brûken fan de Fryske taal (sjoch foar mear ynformaasje ek by 'Aktueel 2010': ***Oerienkomst taalbelied Súdwest-Fryslân. Fusiegemeenten stemmen gebruik Friese taal op elkaar af**, 01-03-2010). Dat rekket ek it ûnderwiis yn it Frysk.

***29-03-2010 🚩 Frysk fuortset ûnderwiis: ûntheffing, subsydzje, wurdearringsramt, hifking keardoelen en taalbelied**

Regelings fan de provinsjale oerheid en ynstruminten fan de ryksynspeksje om it Frysk te befoarderjen of te hifkjen.

***30-08-2010 🚩 RfdFB: Fryske taal en kultuer yn programma Steateferkiezings 2011**

Brief fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (dêr't de *FFU* by oansletten is) oan Provinsjale Steaten mei oanrikkemandaasjes foar it taalbelied yn it programma foar 2011-2015. Yn in bylage fan 10 punten wurdt oantrune op it sterk ferbetterjen fan de rânebetingsten foar it behâld en de fierdere ûntjouwing fan de Fryske taal en kultuer. It twadde punt hannelet oer it *ûnderwiis* en it tsiende oer it *sertifikaat Frysk* foar liedsters yn de berne-opfang en pjutteboartersplakken.

***24-11-2010 🚩 Ynspeksje: De kwaliteit fan de lessen Frysk yn it basisûnderwiis en fuortset ûnderwiis**

Ynspeksjerapporten 'Tussen wens en werkelijkheid' (Hollânsktalich) en 'Tusken winsk en wurklikheid' (Frysktalich) oer it Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis, dy't op 24 novimber troch haadynspekteur Rick Steur oan deputearre Jannewietske de Vries oanbean binne.

E. Publisiteit

*Oan te klikken op ús webstek. In stikmannich artikels fan en oer aktiviteiten fan *FFU*-bestjoersleden dy't pleatst binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn alle media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind.

Swingel

Artikels út *Swingel* binne (ek) oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/FryskeBeweging/Swingel.

- *nû. 28, 2010 (s. 15-19): in artikel fan Sytze T. Hiemstra mei as kop '*Frysk yn it spesjaal ûnderwiis? Ja, en no avensearje!*'. It Frysk yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis wachtet al mear as tritich jier op in ferplichting (bgl. ferplichte keardoelen lykas dy foar Nederlânsk). Der is sa'n protte mooglik yn dat type ûnderwiis en der wurdt noch sa'n bytsje oan dien troch de oerheid. Dêr moat no neffens de *FFU* mei faasje wurk fan makke wurde.

- *nû. 27, 2010 (s. 12-13): in artikel fan Sytze T. Hiemstra mei as kop '*Basisskoalle 't Holdernêst is 'trijetalige skoalle'*' oer in feestlike gearkomste op 22 juny 2010, doe't de iepenbiere basisskoalle '*t Holdernêst*' út De Harkema it sertifikaat '*Trijetalige Skoalle*' krige.

- *nû. 26, 2010 (s. 14): artikeltsje fan ús bestjoerslid Thys van de Veen mei as kop '*Gedrachsakkundigen en it Frysk*'. Tefolle Hollânsktalige 'saakkundigen' komme de skoalle yn en 'ûntkenne' troch har taalgedrach de Frysktaligens fan ús bern. Dat hat skealike gefolgen foar ús taal en de Fryske bern.

- *nû. 26, 2010 (s. 15); artikeltsje fan ús bestjoerslid Germ Gerbrandy mei as kop '*Omrop Fryslân Hollânsktalich? Dat is in ramp!*'. De Omrop soe as regionale rampestjoerder by in ramp trochgean moatte mei it (ek) brûken fan it Frysk en dy taal altiten geef hantearje. In treflike behearsking fan it Frysk heart by de Omrop in funksje-eask te wêzen.

Lyts Frisia

- *jrg. LIX, nû. 4, des. 2010 (s. 60-63): in artikel fan Sytze T. Hiemstra mei as kop '*De autonomy fan skoallen, Lodewijck Asscher en it Frysk*'. De autonomy fan de Fryske skoallen liedt derta dat it Frysk gauris oan it efterste oer komt te lizzen, benammen troch de Frysk-ûnfreonlike taalhâlding fan guon wichtige skoalbestjoerders en har navenant like beroerde taalgedrach. It is needsaaklik dat de risseltaten fan it Frysktalige ûnderwiis objektyf en betrouber metten wurde. En kontrôle dêrop moat effektyf wêze.

Leeuwarder Courant

- *29-11-2010 (s. 11): in krantestikje mei as kop '*Vaker Fries in het onderwijs*'. It Frysk moat in gruttere rol krije yn it middelber beropsûnderwiis yn Fryslân. Der moatte goede en foldwaande easken steld wurde oan de sertifikaten dy't útrikt wurde, en it Frysk moat in ferplichte ûnderdiel wêze fan de eksamens, sa stelt de *FFU* yn in brief oan Provinsjale Steaten.

- *10-12-2010 (s. 6): op in troch Provinsjale Steaten beleine ekspertmoeting yn novimber 2008 bûgen saakkundigen en belanghawwenden út alderlei sektoaren har oer it '**Oanfalsplan Frysk**' fan de *FFU* en oaren, dat gâns steateleden kjel makke hie. "*Sil it no heve?*", freget Pieter de Groot him yn de kop fan syn kollum '**dwars**' ôf. Of moat der earst noch in brede maatskiplike diskusje komme?

Friesch Dagblad

- *30-11-2010 (s. 13): in krantestikje mei as fette kop '*Meer actie voor Fries op mbo*' en as lytsere kop '*Feriening Frysk Underwiis houdt pleidooi bij provincie Fryslân*'. It Frysk heart, lykas it Nederlânsk en njonken it Ingelsk, in ferplichting te wurden as fak en as fiertaal yn it middelber beropsûnderwiis yn Fryslân. Twa jier ferlyn hat de *FFU* mei oare Frysksinnige organisaasjes in selde fersyk op it aljemint brocht by Deputearre Steaten.

Fierders:

Yn it wykblêd **Fryslân* (26-10-2010), de **Ljouwerter Krante* (21-10-2010) en it **Frysk Deiblêd* (21-10-2010, s. 11) waard omtinken jûn oan in brânbrieff dat 17 Fryske organisaasjes, û.o. de *FFU*, ûnderskreaun

hawwe. It brief wie rjochte oan de *Ried fan Europa* en de Nederlânske minister fan *Ynlânske Saken* oer it noch altiten net of amper neikommen fan ôfspraken om it *Europeesk Hânfêst* út te fieren.

By syn ôfskie as LC-redakteur (**Leeuwarder Courant*, DÛBELDWERS, 29-01-2010) helle Pieter de Groot yn syn kollum '*It Frysk: tusken mylpeal en jan-poepsplak*' ûnder mear in winsk út it *Oanfalsplan* fan de *FFU* (en oaren) oan om de beide deiblêden (folle) mear te ferfryskjen. Dat soe in net te kearen fallyt fan de krante ta gefolch hawwe kinne, tocht De Groot.

Yn it **Frysk Deiblêd* (31-08-2010) waard omtinken jûn oan in brief fan de *Ried fan de Fryske Beweging* oan de Steaten (y.f.m. de Steateferkiezings) om bygelyks op alle skoallen yn Fryslân yn 2015 op syn minst 6 oeren wyks Fryske les en les yn it Frysk te jaan, it tal trijetalige skoallen groeie te litten ta 100 en it tal twa- of trijetalige pjutteboartersplakken of bernedeiferbliuwen nei 200 (ferl. ek ús *Oanfalsplan*).

**Hallo Fryslân* (webstek: 11-03-2010) berjochte oer it feit dat pjutteboartersplak *It Krobbehonk* oan de Pôlle 4a yn Boazum sertifisearre waard as twatalich pjutteboartersplak. De offisjele hanneling bestie út it útrikken fan it sertifikaat oan de liedsters Annet Kuijpers en Sjoukje Akkerman troch *FFU*-foarsitter Tom Dykstra fan Itens.

F. Webstek FFU

Wy binne mei ús eigen stee op it wrâldwide net út ein set op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alderlei saken op kwynt dy't wy fan belang achtsje foar (de oerdracht fan) de Fryske taal, kultuer en skiednis yn en ek bûten it ûnderwiis. Untjouwings yn oare maatskiplike domeinen as it ûnderwiis binne (ommers) fan grut belang foar it plak en de betsjutting fan it Frysk binnen it ûnderwiis, omdat de skoalle de tekoarten yn de maatskippij net samar ferhelpe (kompensearje) kin. It tal 'pageviews' wie 1692 oan de ein fan 2005 en 3134 oan de ein fan 2006. Ein 2007 wie dat: 4378, ein 2008: 5437, ein 2009: 6335 en ein 2010: 7070 (Ned.: 95.7%; FS: 1,3%; Dsl.: 1,3%, ferskate oare lannen ûnder de 1%). Sytze T. Hiemstra riedt sûnt 2005 foar de ynhâld en Sytze J. Hiemstra soarget derfoar dat dy op ús webstee komt. Dy ynhâld kin fansels ek op oare wize oanklikt wurde, bgl. fia Google, en dan hawwe wy folle mear besikers. Jo kinne ús net allinnich fine fia www.fryskebeweging.nl, mar no ek troch it oanklikken fan www.ffu-frl.eu.

G. Foarútsjoch

Om it ûnderwiis yn it Frysk goed hifkje te kinnen, sille der gâns (nije) toetsingsmiddels foar de Fryske taal en kultuer ûntwikkele wurde moatte, om de foarderings fan en trochgeande linen by de learlingen objektyf, betrouber en falide mei fêststelle te kinnen. Wy sille dêr yn 2011 fannijs op hammerje en dêr kontakt oer sykje mei de Provinsje. Benammen in eintoets basisskoalle foar staverjen en skriuwen is op koarte termyn driuwend ferlet fan om de 'opbringst' fan learlingen en skoallen mei hifkje te kinnen.

Op termyn wolle wy ta op in ferplichting fan it Frysk yn de *middelber beropsûnderwiis*. Dêr sil dan ek in wurdearringsramt foar ûntwikkele wurde moatte. Wy sille ús dêr ek yn 2011 wer sterk foar meitsje. Noch altiten is it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer by it *spesjaal* (fuortset) ûnderwiis net oanpakt troch de Provinsje en it Ryk. De kwestje sleept al desennia. Wy hâlde oan as storein om dat te ferhelpen. Dat jildt út soarte ek foar de oare aksjepunten dy't hjirboppe neamd wurde.

Wy binne benijd wat der yn 2011 út de *Kommisje Hoekstra* komme sil. Wy rekkenje op in formeel foechoerdracht fan Ryk nei de Provinsje en de needsaaklike jildmiddels dy't dêrby hearre. Yn dat gefal sille wy ús (noch) faker rjochtsje moatte ta de Provinsje om ús ûnderwiiswinsken op it rabat te bringen.

Lykas yn de ynliding sein, is der yn it ôfrûne jier wer gâns wurk ferset troch in navenant lyts tal minken. It *FFU*-bestjoer sil him mei gauwens ferbreedzje en ferdjipje moatte, oars is it te kwetsber. Us oprop om stipe of help (mei sinten of minskkrêft) bliuwt dus stiif oereinstean.

It bestjoer